

#### 4. Bernetsjerke

Wopke woe it eins net sizze, mar hy rûn op in snein mar wat mei insoer gesicht om. Syn suskes boarten moai yn it hok. Dat koe bêst, wurdt, dan meie de bern net yn it hok boartsje. Dat makket te folle om't de minsken yn Hitsum yn tsjerke wienen. As ús tsjerke brûkt leven. Boppedat, as der wol tsjerke is, dan lústerje de bern ek graach nei de moaie muzyk en it sjongen. Dizze snein dangele Wopke mar wat om. Hy sei: "Heit, ik fyn der neat oan. Hjoed is der gjin tsjerke en ik mei net mei de famkes mei boartsje. Hja dogge fammespultsjes. Ik woe eins wol krekt as de bern fan 'e minsken ek nei in bernetsjerke ta! Pake Gurbe hat my ferteld dat



dy bern dêr moaie ferhalen heare fan God en fan Jezus. Hja meie ek kleurje en knippe of plakke. Dat soe ik no ek wol wolle!"

Ik sei tsjin Wopke: "Ik haw in plan! Muoike Akke út Hitsum kin och sa moai fertelle en pake Gurbe ek. Hja kinne in protte ferhalen út 'e bibel, om't hja al salang yn 'e tsjerke wenne hawwe. Ik wol ús freon Jona de do wol freegje oft hy hjir mei muoike Akke oer praat. Dan meitsje wy ús eigen bernetsjerke. Wat fynst dêrfan?" Wopke wie alhiel optein. Hy draafde ûnder de trep fan it oargel troch nei it hok. "Hiske, Hinke, wy krije miskien ús eigen bernetsjerke! Heit hat it sels sein. Heit wol muoike Akke en pake Gurbe freegje om de ferhalen fan God te fertellen. Mem en heit dogge dan spultsjes mei ús. Ik haw dêr sa'n sin oan!" Tytsje wie it der earst net sa mei iens. Hja sei: "As hjir yn Achlum tsjerke is dan wol ik dat net misse. Wy lústerje ommers ek altyd nei de muzyk. Dêr komt noch by dat wy stil wêze moatte. Us bern wolle grif ek wol muzyk meitsje tink?"

Sjoch, dêr hie ik no wer net oan tocht. De bern stienen wat ferstuivere te sjen. Hja fûnen it plan krekt sa moai en no hie mem wer wat te seuren. Mar ik sei: "Mem hat wol in bytsje gelyk. Wy kinne natuerlik ek ús eigen bernetsjerke hâlde as hjir gjin tsjerketsjinst is. Oars wurdt it miskien ek wol wat te folle foar pake Gurbe. Wy hawwe der ek net oan tocht dat Jona de do dan alle sneinen foar ús fleane moat. Sille wy muoike Akke freegje oft sy ien kear yn de trije wiken bernetsjerke hâlde wol? Dan kinne wy de oare sneien wol gewoan troch ús kykgatsje de tsjerke yn sjen".

Dus bern, as jimme no sneins yn Hitsum binne en jim sjogge in do neist de tsjerke, dan is dat Jona. Hy hellel dan grif muoike Akke op foar de mûske-bernetsjerke yn Achlum. Sjoch mar ris goed oft hy ek in kreaze frouljesmûs op 'e rêch hat. Goed sjen hear, want hja is net grut. Ik hoopje dat jimme krekt safolle genietsje fan de moaie ferhalen fan Godas ús bern. (Tytsje stiet net op dit plaatsje fan de mûske-bernetsjerke, om't hja krekt de kleurkes ophellet).

No, oant de oare kear. Goeie! Tynus, de tsjerkemûs fan de Terp.